

Rougedichten (per kategory)

Rougedichtsjes bern

Hoe fielt it donker,
As ik myn eagen slút?
De kjeld fan de nacht,
lensum foar it rût.
In himel fol stjerren,
Sykjend nei dy yn 'e flonker.
Sels mei myn eagen ticht,
Bisto it ljocht yn it donker.
Karen Postma

Dat flinterke,
Fladderjend om my hinne.
Hat dat der altyd west,
Of bringt se no in bytsje sinne.
Karen Postma

Sa'n soad krûpkjes en tútsjes,
Op dyn prachtich noaske en wang.
In koart skoftke mochtsto by ús wêze,
Mar yn ús hert, ús libben lang.
Karen Postma

Heit en mem wurde,
Sa'n bysûndere gebeurtenis.
In seldsum yntins gefoel,
De moaiste ferbyntenis.
Kennis meitsje en krûpe,
In tút as ôfskie.
Sa pynlik ûnsichtber,
Mar heit en mem foar altyd.
Karen Postma

Gûlend om it skriemen,
Dat ik nea heare mocht.
Nim ik dyn pine oer,
Fiel ik wat ik tocht.
Myn hertepine,
Dwers troch alles hinne.
Nettsjinstearde it gemis,
Bin ik nea allinne.
Karen Postma

Alles is sa wankel,
De takomst is ûnwis.
Gedachten bliuwe malen,
En de emoasje dêr't ik wekker fan lis.

Lyts, moai famke,
Do bringst safolle tweech.
Myn hert sa fol,
En myn earmen sa leech.
Mei oare eagen
Sjoch ik nei alles om my hinne.
En sil ik stapke foar stapke
Myn nije paad berinne.
Karen Postma

Leaf, moai famke,
Ek al bin ik dy kwyt.
Do hast my mem makke,
In mem foar altyd.
Karen Postma

Sa sterk en dochs sa brekber, fierste betiid
binne wy dy kwytrekke. Wurden sjitte
tekoart om ús fertriet te omskriuwen.
Us grutte dream,
sa wolkom,
sa moai,
sa bysûnder,
it hat net sa wêze mocht.
Wy moatte wer fierder,
sûnder

Mei it ferlies fan in bern
ferliest in stikje fan dysels.

In heldere stjer op in dizige jûn,
in flinterke op in moaie simmerdei.
Do silst altyd by ús wêze,
wy nimme dy altyd mei ús mei.

As in ballontsje dat dûnset
yn de wolken.
Op wei nei it ljocht
fan de ivichheid.

Ut leafde ûntstien,
mei leafde droegen,
fol leafde ferwachte
en yn leafde litte wy dy wer gean...

Neat yn it libben
sil wer itselde wêze.
Want ús leave...
is der net mear.

Do bist net mear wêr'tsto wiest,
mar oeral wêr't wy binne.

Dyn libben einige
dêr't it hast begûn.
Hiel even mochten wy dy oansjen,
hiel even mochten wy dy fêsthâlde.
En doe...
doe moasten wy dy gean litte.

No't ik dea bin, gûl mar net.
Ik bin net echt dea, want witst,
ik bin pas net mear yn libben
asto my ferjitten bist.

As in ingeltsje, sa leaf en tear
sa waardsto by ús brocht.
No slachsto dyn wjukken út
en giest werom nei 't ljocht.

Flip flap flinterke,
dûnset yn 'e loft,
tutet alle blomkes,
rêst dan wer in skoft.

Flean lytse fûgel
boppe de wite wolken
do bliuwst yn ús hert.

It wêrom sille wy nea witte,
mar wy sille dy nea ferjitte.

No'tsto heger bist
as de blauwe loften
en no'tsto earne bist
tusken de stjerkes fan goud,

wit dat wy dy nea ferjitte
en dat de wrâld om dy jout.

Gjin wurd omskriuwt ús fertriet,
gjin wurd omskriuwt ús pine.
Leechte, gemis en drôfenis,
hoe sil dat ea ferdwine.

Wêr'tsto ek bist,
wy hâlde fan dy.
Mar do giest no
dyn eigen wei.

It mocht net sa wêze,
no bist der net mear.
Lyts leaf jonkje/famke,
it docht sa sear.

Suske/broerke fan ...
Dochter/soan fan ús,
it hie sa moai west
do by ús thús.

Leaf lyts famke/jonkje
njoggen moanne by mem
Wy koenen net wachtsje
om dy te sjen.

De sinne giet ûnder,
mar net út.
Sa silsto ek by ús bliuwe.

Sweevjend bisto fan wûnder
Ynstoppe yn leafdewol
Mei wite tekkens fan streektrochset lân
Núnderje wy dy yn 'e sliep

No is ús leave ... wei,
de fleur fan 't húsgesin.
De rouwe dy't myn hert oerstjalpt
beskriuwt gjin swakke pin.
It wie sa'n fleurich, derten bern,
sa boartlik en sa goed.
O, as ik oan dat jonkje/famke tink,
bin ik sa near te moed.

Wy witte net wêrom, myn skat
mar wol datsto in jonkje/famke bist,
mei tsien fingers en tsien teantsjes,
en wy witte hoe'tsto hjitst.
Dy ferlieze, leave skat
wat docht ús dat dochs sear.
Do koest net by ús bliuwe, want
do wiest te lyts, te tear.
Hoe moatte wy no ôfskie nimme
wêrwei helje wy de krêft.
Wat sille wy dy misse, bern
leave ... , sliep sêft.

Do wiest as in flinter,
sa kwetsber, sa tear.
Leave ...,
do bist der net mear.

Soms falt der
in ingeltsje op ierde,
sa prachtich, sa suver, sa lyts,
soms falt der
in ingeltsje op ierde
wat prachtich dat dit ingeltsje
ús libben sierde.

Ferflein as in flinter yn 'e loft
Fljocht se no har eigen flecht.

Hoe kin ik dy ea ferjitte
wêr't ik ek bin, ik hear dyn stim.
De hiele wrâld dy mei wol witte
dat ik yntins fertrietlik bin.

Leafde is loslitte.

Njoggen moanne byinoar,
do wiest ús ljocht yn tsjustere dagen.
No is it tsjuster,
dyn ljocht is dôve,
en litte wy dy gear.

Lekker koese...

Underweis nei moarn
droegen troch de wyn
op lytse teare wjukken
eltse dei in stikje fierder
eltse oere
in stil momint
oant de jûn fallen is
en de moarn
net mear komt...

Rougedichten

Lit no dyn wurge lea mar rêste
lis alle wurk en ark mar wei
Ferjit de soarch dy't dy belêste,
it is no dien, it is foarby.

It is ús mar liend,
de dingen om ús hinne,
dy't leaf, fertroud en feilich
alle dagen by ús binne.
It is ús mar liend,
ús libben, sûnens en thús.
Wy pakke it oan
as wie it fan ús.
Mar it is ús mar liend
alles wêr't wy foar sparje
alles wat wy leaf ha
en alles wat wy bewarje.
It is ús mar liend,
ús ierdske dingen rûnom.
Allinne ús oantinkens
binne ivich ús eigendom.

As it libben lijen wurdt,
is de dea in útkomst.

It libben stjert net ynienen ôf,
't giet net samar foarby.
Pas as de wekflam dôve is,
bin ik net mear yn my.

It wie as namen wy ôfskie,
mar leafde einiget nea.
Se hearde by ús, se heart by ús,
leafde is sterker as de dea.

Alle minsken nimme yn 't libben
in ûnsichtbere rêchsek mei.
Dêryn ferburgen de moaie dingen
en de triennen.

Meastentiids is er wol te dragen
en is er suver licht,
mar somtiden swier fan stiennen en
kin er net mear ticht.

Allinnich noch mar lizze
gjin krêft mear om te stean.
Sa meager, sa ûnmachtich
sûnde, mar sa moast it gean.
't Is foarby, it koe net langer
foargoed ferfaget no it lûd.
De rêst dy't komt is grif fertsjinne
it wie genôch, sa is it goed.

Wy wisten: op in kear sil it barre.
Wy wisten: op in kear sil sy der net mear
wêze.
Wy wisten: de leeftiid is der nei.
Mar dochs, in perioade is foarby, komt net
werom.
Wy wisten it, mar dochs...

Libben kin net dea.
Leafde kin net stjerre.
De dea is al in hoarizon
Wy kinne net fierder sjen.
Mar efter de kime
leit it lân fan beloften.
Tine Deelstra-Reitsma

As skielk de dei wer dei wurdt
gewoan as alle dagen,
elkien syn sin wer hat,
nochris oan dy tinkt by flagen.
Dan gûle wy ús triennen drûch
en misse dy noch alle dagen.

No is ... der net mear,
mar hy bliuwt yn ús libben,
en is mei ús ferbûn yn leafde en yn ferhalen.

Nea wer sil de sinne foar dy opgean
mar yn ús tinzen
sille wy altyd om dy hinne stean.
In soad wille ha wy hân en dan
samar ynienen bisto der net mear.
Dy misse moatte docht ús sa sear.

As it libben net mear giet
sa ast hope hiest.
As dy sa'n protte ûtnommen wurdt.
Ast talitte moastst dat in oar foar dy soarget,
en it libben net mear dyn libben is.
Dan komt der in tiid datst deryn berêst dat
de ein kommen is.

No falt myn jûn,
't Wurdt tsjuster om my hinne.
Straks fal ik
en lit jimme allinne.
Ferjou my foar fouten
en foar wat der misgien is,
mar kom yn myn nacht
ticht om my hinne stean.
De triennen yn myn eagen
dogge no net mear sa sear,
as jimme my treaste
foar de lêste kear.

As ik stjer,
lit fertriet dan net lang dyn himel
fertsjusterje.
It is in feroaring, gjin ôfskie,
want sa't de dea in part fan it libben is,
libje de deaden ivich fierder yn de
libjenden.
Harkje nei myn fuotstappen yn dyn hert.
Ik bin net fuort, mar gewoan by dy!

It libben giet wer troch,
mar wy skrieme yn ús hert.

As it libben neat mear bringt,
bringt de dea alles.

Gean litte.
Loslitte.
Loslitte yn ús libben.
Fêsthâlde yn ús hert.

Al it hjoed wurdt straks ferline
mar wat dien is hâldt syn lean.

Nea wer yn ús midden
mar foar altyd yn ús hert.

Do hast fan it libben genoaten,
en wy fan dy.
Safier't wy koene, binne wy mei dy
meigongen.
No moatte wy dy gean litte.

It giet der net om watst diest,
of watst wiest.
It giet derom wa'tst west hast.

Oan dea en ûndergong is treast ferbûn,
want neat wurdt wei, de ierde hâldt sêft
't ûnthjit yn fan nij libben en krêft.

Do silst de sinne fine,
op dizze donkerblauwe jûn.
Foar ivich sil er skine,
do hast dyn frede fûn.
Gerrit Breteler

Hy hat de wrâld it alderbêste jûn.

Besletten leit yn 't wrâldsk bestean,
't kommen, wêzen en wer gean.

Elke moarn sil de wyn wer waaie,
fleane fûgels,
bloeië blommen op 'e nij.
Dochs sil neat yn it libben wer itselde wêze,
want do,
do bist der net mear by.
Auck Peanstra

In nije dei, in skûtsje sylt foarby.
Spitigernôch moatsto ek gean, mar do
bliuwst altyd foar ús bestean.

De nacht is foarby
de sinne is frij om heech te gean
It lêste wie wrang,
it wachtsjen te lang
Wês mar net bang, nea wer bang,
it hoecht net mear.

Wêr't gjin wurden foar binne,
moat men se ek net sykje.

Ofskie nimme is
mei tankbere hannen oannimme,
al wat it oantinken wurdich is.

It libben is allyk
in alvestêdetocht
soms foar de wyn
soms yn 'e wyn
en oan 'e ein
in krúske

Foar altyd ôfskie nimme, it docht sa sear,
wat freegje, prate en fertelle, it kin net
mear.
Har/syn dwaan en wêzen, wy ferjitte it net.
... bliuwt foar altyd yn ús hert.

De sinne giet ûnder,
mar net út.

Soms is der safolle wat wy fiele,
mar sa'n bytsje wat wy kinne.

Der bestiet gjin tiid
en der binne gjin wurden.
De grutte stilte falt,
ferslein en stom.
Yn 'e loft in skiere fûgel.
hy komt net wer werom.
Auck Peanstra

Unbegryplik,
wy binne der stil fan.

De lêste tút...

Ik wie dy't ik wie
ik die sa't ik it die.

Foar it each mei ús trijen.
Yn ús hert mei ús fjouweren.
Lit no dyn wurge lea mar rêste
lis alle wurk en ark mar wei
Ferjit de soarch, dy't dy belêste,
it is no dien, it is foarby.

As skielk de dei wer dei wurdt
gewoan as alle dagen,
elkien syn sin wer hat,
nochris oan dy tinkt by flagen.
Dan gûle wy ús triennen drûch
en misse dy noch alle dagen.

Do hast fan it libben genoaten,
en wy fan dy.
Safier't wy koene, binne wy mei dy
meigongen.
No moatte wy dy gean litte.

It giet der net om watst diest,
of watst wiest.
It giet der om wa'tst west hast.

Noait mear nacht en noait mear soarch en
pine.

Unbegryplik,
wy binne der stil fan.

It is ús mar liend,
de dingen om ús hinne,
dy't leaf, fertroud en feilich
alle dagen by ús binne.
It is ús mar liend,
ús libben, sûnens en thús.
Wy pakke it oan
as wie it fan ús.
Mar it is ús mar liend
alles wêr't wy foar sparje
alles wat wy leaf ha
en alles wat wy bewarje.
It is ús mar liend,
ús ierdske dingen rûnom.
Allinne ús oantinkens
binne ivich ús eigendom.

Oersetting: Dieuwke van der Meer

As it libben lijen wurdt,
is de dea in útkomst.

sjoch ris oan
in nije moarn
sjoch ris oan in nije dei
doch der wat mei
(ek al doch ik net mear mei)
Durk

Rougedichten heit/mem

Mem, lyts wurd yn ienfâld.
Wurd, grut fan ynhâld.
Hân yn hân binne wy gien
oant de drompel ta.

Wy ha ús mem net echt ferlern,
dêrfoar joech sy ús tefolle.
Wat sy ús sei, bliuwe wy hearren.
Har stim sit ivich yn ús holle.
Wy komme har noch oeral tsjin,
yn wat wy dogge en yn wat wy litte.
Se wie en bliuwt ús leave mem,
wy sille har nea ferjitte.

It is en bliuwt ús heit,
de leafste fan de wrâld.
Ik wol him net graach misse
omdat ik fan him hâld.
Hy hat syn rêst no fûn,
dus lit ik heit mar gean.
Myn hert seit dat it goed is,
mar yn myn eagen blinkt in trien.

It gemis fan it âldershûs sil bliuwe,
mar de moaie oantinkens ek.

Rougedichten kristlik

Dyn wrâld waard hieltyd lytser
de doar gie stadichoan ticht.
Eltse dei dochs fierder
dyn reis nei it ivige ljocht.
Safolle fragen sûnder antwurd,
wat gie der yn dy om?
Net ien kin it noch fertelle
allinnich God wit wêrom.

Ik bin te wurch om te praten,
it tinken wol net mear.
Wurgens leit as in tekken
oer myn lûdless gebed.
Te wurch om Gods wurd te lêzen,
berikt my gjin inkelde sin,
mar droegen troch Gods geast
sliep ik ûnder Syn hoede yn.

Libben kin net dea.
Leafde kin net stjerre.
De dea is al in hoarizon
Wy kinne net fierder sjen.
Mar efter de kime
leit it lân fan beloften.

Tine Deelstra-Reitsma

Pine sil er nea wer kenne,
it ljocht kaam him temjitte.
Hy hat it goed no, ticht by God,
en wy sille him nea ferjitte.

De Heare hoedet dyn gean en dyn kommen,
fan no ôf oant yn ivichheid.

Ik bin te wurch om te praten,
it tinken wol net mear.
Wurgens leit as in tekken
oer myn lûdleas gebed.
Te wurch om Gods wurd te lêzen,
berikt my gjin inkelde sin,
mar droegen troch Gods geast
sliep ik ûnder Syn hoede yn.

Troch goede machten trou en stil behoede
is dit ús treast, wat moarn ek komme mei,
Gods Hân sil ier en let ús gongen stjoere,
Want Hy is mei ús elke dei.

Dietrich Bonhoeffer

God is begjin en ein.
Hy hâldt de tiden geande.
Syn wurd jout al 't besteande
In sin, en is folslein.

Rougedichten man/frou/partner

Myn grutste gelok wiesto.
It moaiste fan ús tegearre
binne ús bern en bernsbern.
It dreechste wie it ôfskie.
Tink oan my, mar net yn tsjustere dagen.
Tink oan my yn 'e strieljende sinne,
sa't ik wie doe't ik alles noch koe.

*Help nedich? Koarte teksten wurde fergees
troch ús neisjoen.*